



## FERIENING FRYSK UNDERWIIS

### Fan Fryslân. Foar it Frysk!

De **Feriening Frysk Underwiis** (FFU) is oprjochte yn 1987 om in folweardich plak foar de Fryske taal (kultuer en skiednis) yn it hiele ûnderwiis te beskrepjen. Om sa effektyf mooglik te wurkjen, is de *FFU* oansletten by de **Ried fan de Fryske Beweging**. It Frysk yn it ûnderwiis stiet noch mar oan it begjin fan in ûntjouwing dy't derta liede moat dat it plak fan it Frysk net minder is as dat fan it Hollânsk.

As jo ek fan betinken binne dat it gâns better moat mei it Frysk yn it ûnderwiis, dan soene jo dat blike litte kinne troch ús te stypjen yn ús striid. Foar minimaal €10,00 jiers kin dat. Folje dan ûndersteand strypke yn en stjoer it op nei:

Drs. S.T. Hiemstra, skriuwer *FFU*  
Gerben Sondermanstrjitte 29  
9203 PT DRACHTEN  
Till: 0512-518927  
E-post: [ffupost@hotmail.com](mailto:ffupost@hotmail.com)

Klik ek ris op ús webstek: [www.ffu-frl.eu](http://www.ffu-frl.eu). Dan sjogge jo wat wy dogge en wolle.

### Wat wolle wy:

1. It Frysk moat de *earste* taal wurde yn Fryslân yn it hiele ûnderwiisdomein.
2. It Frysk moat in *ferplichte* (eksamen)fak wurde foar alle learlingen yn Fryslân en in *ferplichte* ynstruksjetaal (by guon oare fakken) yn it algemien foarmjend ûnderwiis (foarskoalsk ûnderrjocht, basis- en fuortset ûnderwiis, spesjaal [fuortset] ûnderwiis) en it beropsûnderwiis (mbû en hbû). De foarderings fan de learlingen yn de Fryske taal en de Fryske skiednis moat folge wurde mei in noarmearre, falide en betrouber learlingfolch- en toets(ings)systeem.
3. De *kearndoelen* en *eksameneasken* foar de Fryske taal, kultuer en skiednis moatte lykweardich wêze oan de kearndoelen en eksameneasken foar it Hollânsk (Nederlânsk) en de Hollânske (Nederlânske) skiednis. It foech dêroer moat by de provinsje Fryslân lizze.
4. Op it nivo fan de skoalle as *organisaasje* moat it Frysk yntern en ekstern mûnling en skriftlik folweardich (oan it Hollânsk) funksjonearje (bgl. yn de administraasje en korrespondinsje, op buordsjes en paadwizers, opskriften, brievepapier ensfh.) Dy 'sichtberenseask' moat ien fan de bekostigings- en subsydzjebetingsten wêze.
5. De Fryske *learare-opliedings* foar it basis- en fuortset ûnderwiis moatte twa- of trijetalich funksjonearje, mei in plak foar it Frysk as fak en as ynstruksjetaal dat net minder is as dat fan it Hollânsk (Nederlânsk) en it Ingelsk. De dosinten/oplieders dy't it Frysk as *ynstruksjetaal* brûke by

oare fakken as it fak Frysk, moatte it Frysk sels ek op in goed nivo behearskje (Afûk-diploma C of ferlykber nivo as ûndergrins).

6. De *learmiddels* foar it twa- of trijetalige basis- en fuortset ûnderwiis (ynklusyf it spesjaal ûnderwiis) moatte it Frysk *yntegraal* in op syn minst *lykweardich plak* jaan oan dat fan it Hollânsk en it Ingelsk (oanpart 35% of mear). De trije talen yn dy yntegrale learmiddels moatte ûnderling *systematysk ferlike* wurde op ferskillen en oerienkomsten.

7. Alle *ûnderwiisynspekteurs* en *ûnderwiisbegelieders* dy't (ek) yn Fryslân har wurk dogge, moatte it Frysk aktyf mûnling en skriftlik op in foldwaande nivo behearskje en in goede kennis hawwe fan de Fryske kultuer en skiednis (Afûk-diploma C of ferlykber nivo as ûndergrins).

8. Nije *ynkommelingen/migranten* yn Fryslân moatte it Frysk op syn minst ferstean en lêzen leare en dat oantoane kinne (bgl. troch it op in foldwaande nivo ôflizzen fan noarmearre, falide en betroubere toetsen). Dy taak soe troch de Afûk útfierd wurde kinne.



----- (ôfknippe of ôfskuorre)  
Ja, ik wol lid wurde fan de **Feriening Frysk Underwiis**.

Namme en foarletter(s):

Strjitte en húsnummer:

Postkoade en wenplak:

Hantekening: